

Kom der mar ris ta

skreaun foar it program "It Grutte Grynd" fan Ratatette yn 2000

ik sjuch op 'e téfé in filmke oer de bear
yn de natoer fan Kanada, mei bevers en sa mear
dan wit ik wer wat 'k dwaan sil, as'k der de kâns foar ha
'k ferkeapje al myn rotsoai en ik gean nei Kanada
dêr lûk ik mei myn kemper de Rocky Mountains oer
en fyn mysels werom as in part fan de natoer
dat is wêr't it om draait, de rest dat is mar skyn
tefreden liz ik op 'e bank, en skink in pilske yn.....

kearsang: wy hawwe 't yn 'e holle
wy sille noch safolle
wy wolle alle aventoeren ha
ja, aansen sil it heve
dan silst noch wat beleve
mar ja....., mar ja....., kòm der mar ris ta!

sa folgje ik fansels de twadde ferzje fan Big Brother
mar siz no sels: dat stelt neat foar, dat bliuwt by wat gemodder
dy dielnimmers dat binne ommers gjin persoanlikheden
en om nei sok dom folk te sjen hast winliken gjin reden
dêrom jou ik my op, se kin wol wat karakter brûke
en dizze fryske glamourgirl dy lit in poepke rûke
ik wit it hast wol seker: ik bliuw grif as lêste oer
mar om sa'n brief te skriuwen, dat is earst noch wol in toer.....

kearsang:
'k haw altyd by de fuotbalklup in bêst partijtsje skopt
en sjoch ik no nei 't Hearrenfean, dan wit ik: Foppe ropt!
want lêsten yn dy Champions League, dat wie in griemerij
se ha gjin spits dy't skoare kin, se ha ferlet fan my!
'k sil alle dagen trene, al is it noch sa dreech
dan hâld ik krekt as doedestiids it baltsje oeren heech
by elke wedstriid stoart ik my wer folop yn de striid
sa gau as't kin dan doch ik dat, 'k hat no noch net oan tiid.....

kearsang:
kom ik ris by Rients Gratama, dan fyn ik it wol best
it is in echte fakman hear, mar ja, syn tiid hat west
Fryslân hat ferlet fan skerp en flitsend kabaret
dynamysk en modern, siz no sels dat is der net
mar ik sil dat feroarje, ik skriuw in nije show
ik bring it fryske kabaret wer op in heech nivo
dan stean'k foar folle sealen, eltse jûn en eltse dei
mar earst doch ik noch efkes mei Ratattette mei.....

kearsang: